

gewiktgewogen

'Bohemia' leunt op de geast fan Bram

Plak: Jorwert, notaristún.
Barren: iepenloftspul 'Bohemia', frij nei 'La Bohème' fan Puccini.
Tekst, oersetting, bewurking: Jan Schotanus en Tjerk Kooistra.
Regy: Tjerk Kooistra. **Muzyk:** Bram Vermeulen, Angus Young en Jorrit Laverman.
Belangstelling: 485 minsken (útferkocht). **Noch te sjen:** oant en mei 24 septimber, spyljagen op www.iepenloftspuljorwert.nl

JORWERT – It iepenloftspul fan Jorwert hat ûnder regisseur Tjerk Kooistra mei stikken as 'Jou my wjukken' en 'It feest' bewiisd de gefoelige snaar by it publyk reitsje te kinnen mei knap spul yn moai foarmjûne eigen bewurkingen fan suksesfilms. Mei 'Bohemia', losjes basearre op de opera 'La Bohème' fan Puccini en de musical 'Rent', smyt Jorwert it oer in oare boech. Diskear leit de klam hiel dúdlik op de muzyk.

En dan benammen de muzyk fan lietsjeskriuwer Bram Vermeulen – yn 2004 ferstoarn – en de rockband AC/DC. Dy muzyk is yn Jorwert poerbêst fersoarge, alle komplimenten binne op har plak foar de tsien konservatoariumstudinten ûnder oanfiering fan Jorrit Laverman.

Ek de akteurs dy't sjongend en spyljend in oandiel hawwe yn de muzyk, rêde dêr hiel bêst mei. Doete Stenekes as Moniek/Rosie wit goed ried mei it rockrepertoire, en sa besjoen is it net iens sa hiele raar dat sy mei 'Dyk fan in frommes' ('Whole lotta Rosie') de oan harsels opdroegen oade bringe mei.

Wybo Smids kin muzikaal hielendal syn aai kwyt yn de haadrol fan rockstjer yn retraite Roelof. Benammen it Vermeulen-repertoire is by him yn goede hannen; hy wit itselde rûge rântsjie oan syn stimbanen te aktivearjen en sa de geast fan Bram út en troch op te roppen.

Dat smyt hiel wat iepen doekjes op. Yn de oer it generaal knap ferfryske teksten fan Vermeulen bliuwt in soad fan syn foer en gefoelswearde bewarre



In sêne út 'Bohemia'. FOTO NIELS DE VRIES

en benammen dêr wurdt it publyk oandien en meinommen. Pianoballades, hjir en dêr in lyts kombo of subtyl fan links of rjochts oanheakjende bydragen fan blazers of sologitaar; de fibraasjes fine harren wei nei de tribunes, benammen yn in nûmer as 'Reade wyn'.

Mar sa kleurryk as de lieten binne, sa swartwyt is it ferhaal. Rockstjer Roelof mei it sels fertelle, hoe't er syn nocht hat fan it repetearjende sukses en syn band Control-Alt-Delete farwol seit om himsels te 'resetten' yn it keunstnersfermidden

fan Bohemia. Dêr fielt er him thús, tusken muzikanten, skilders en skriuwers.

Dy enklave wol lykwols net út 'e ferve komme, likemin as de personaazjes dêre en de ferhâldingen tusken de minsken ek mar in bytsje djipste krije. It ferhaal en de foarmjouwing fan de sênes jouwe de spilers gewoanwei de romte net om fan de figueren minsken fan fleis en bloed te meitsjen. It is good guys tsjinoer bad guys sûnder nuânse, en sokke platte karakters kinne dan ek as in blêd oan 'e beam omdraaie.

Derk Smids spilet minister Bernard Willems as in Berlusconi-eftige potintaat (sels fan Halbe Zijlstra wol it je amper oan dat in minister fan kultuer sa it mier oan keunstners ha kin) dy't mei satanyske wille Bohemia stadichoan de nekke omdraaie wol, mar is oan de ein samar syn macht kwyt en hat dan ek ynienen spyt.

Dy spyt moat dan foaral op rekken skreaun wurde fan junkie Mimi (Adriana van Banni-seht), dy't fan in kreaze Barbie-pop op slach feroaret yn in libben lyk. Ek de Syryske flechtlin-

ge Dani (Annemiek Schuurman) krijt net de kâns om harsels oannimlik te meitsjen as in flymskerp kollumniste dy't stjerre moat om it frije wurd. Yn de petearen bestoke de personaazjes elkoar mei de wûnderlikste byldspraken.

Dekor, foarmjouwing en kostûms binne moai strak en dúdlik hâlden, mar it spul dat him derfoar ôfspilet is suver like skematysk. De artistikelingen dy't earst sa moedich en dwers stân hâlde en protestearje, litte har as it derop oankomt sûnder muoite lykskealje as dat in

baantsje of in opdracht opsmyt. Net in fleurich idee, hoe maklik de keunstners dêr oerhinne stappe mei in jûntsje feest.

Nee, fan it ferhaal en it spul moat 'Bohemia' it net echt hawwe. Wol fan it spyljen, mar dan de muzyk, en it sjongen. Dêr wurdt de gefoelige snaar mei rekke en dêr wurdt it publyk ek bêst mei betsjinne. Mar 'Bohemia' leunt wol hiel swier op de geast fan Bram. Likegoed in moaie oanlieding om syn wurk it omtinken te jaan dat it ferstjinnet.

FEDDE DIJKSTRA